# 56 *Ferklaaie*

Wy hawwe hjir in doaze stean
mei allegear ferklaaiersklean.
Ik pak in kleed en moffen,
in miter en twa sloffen.
Sjoch ris, sa moai ik wurd:
in echte Sinteklaas,
mar ien sûnder burd!

Yn de doaze sit noch mear.
Toe ju, ferklaai dy ek in kear.
Hjir hast in pet, in moaie doek,
in wite kraach, in koarte broek.
Wat sjochsto der grappich út:
in echte Swarte Pyt,
mei in wite snút!

**Suggestje**
It twadde kûplet kin ek yn 'ik-foarm' brûkt wurde.

Yn de doaze sit noch mear.
Ik ferklaai my noch in kear.
Ik pak in pet, in moaie doek,
In wite kraach, in koarte broek.
Wat sjoch ik der grappich út:
in echte Sware Pyt,
mei in wite snút!